

PARSEBERJOCHT

De Haach/Ljouwert, 21 septimber 2015

DINGTIID: IT SKÛTSJE FAN DE FRYSKE TAAL HAT FERLET FAN IN SKIPPER

Taalorgaan biedt advys oan minister Plasterk oan

De bloei fan de Fryske taal kin de kommende desennia trochsette. Mar dat giet net samar, konstatareart DINGtiid, it wetlike advysorgaan foar de Fryske taal.

Yn it advysrapport ‘Feroaring en ferbettering’ stiet DINGtiid stil by sawol it hjoed as it anst fan de Fryske taal. It advys befettet twa haadlinen. De earste is rjochte op sterke ferbettering fan de útfiering fan de taalwet op alle oerheidsnivo’s. Yn it twadde part fan it advys ropt DINGtiid op om koers te setten nei in breed droegen langetermynperspektyf foar it Frysk. Wêr soe it Frysk yn 2030 stean moatte, as taal yn in meartalige regio? Dit advys, dat DINGtiid moandei 21 septimber yn De Haach oanbiedt oan de minster fan Ynlânske Saken, is benammen rjochte op de organisaasje fan it Frysk. Oare advizen fan DINGtiid binne mear rjochte op ynhâldlike tema’s, lykas ûnderwiis, de rjochtspraak en it omropbestel.

Ferbetterje

Wat de notiidske situaasje (‘faze 1’ yn it advys) oangiet, stelt DINGtiid fêst dat der in goede basis foar de taal is: der leit in taalwet, op provinsjaal, nasjonaal en Europeesk nivo binne goede ôfspraken makke, in protte profesjonele organisaasjes krewearje foar it Frysk, en Ljouwert as Kulturele Haadstêd yn 2018 biedt gâns kânsen om it Frysk ek ynternasjonaal foar it fuotljocht te heljen. Likegoed konstatareart DINGtiid stagnaasje. Op ôfspraken oer it neilibjen fan de taalwet wurdt net genôch stjoerd. En lanlik wurdt ûnfoldwaande rekken holden mei de ynstelde taalwet – tink oan de resinte diskusjes oangeande de rjochtspraak en de regionale omroppen. Koartsein liket de regy te ûntbrekken.

Klaas Sietse Spoelstra, foarsitter DINGtiid: ‘It skûtsje fan de Fryske taal dobberet op it heden wat om, it is te frijbljuwend allegearre. Sa meitsje wy eins net optimaal gebrûk fan de kânsen dy’t it Frysk hat – ivich skande, want dat kîn wol. In sterke fokus op it útfieren fan taken en ferantwurdlikheden kin it skûtsje wer op koers helpe. Mar dêrby is wol ferlet fan in skipper.’

Dêrom pleitet DINGtiid foar in ‘taalskipper’. In persoan dy’t stjoert op gearwurking en realisasje fan ôfspraken, en dêroer rapportearret – alles derop rjochte om de wetlike kânsen fan it Frysk ek wier te brûken.

Feroarje

In skerper each op de útfiering fan de taalwet liedt ek ta de fraach hoe’t de takomst fan it Frysk der eins út sjocht. Oangeande de fierdere takomst (‘faze 2’ yn it advys) stelt DINGtiid fêst dat it op it heden ûntbrekt oan in breed dielde ambysje mei it Frysk. Der is gjin dúdlik perspektyf foar, sis, it jier 2030. DINGtiid pleitet dan ek foar in heldere langetermynaginda foar de Fryske taal, mei in stevige rol foar de boargers. Dat slút oan by de resinte ambysje fan it kolleezje fan Deputearre Steaten om ta in ‘Deltaplan foar it Frysk’ te kommen – in koers foar it skûtsje.

Oankommend jier is de oanrin nei Ljouwert Kulturele Haadstêd (2018) en fine de tariedings plak foar de nije provinsjale taalw en kultuernota (2017) en in fernijde Bestjoersôfspraak foar it Frysk (2018). Dêrmei is it gaadlike momint oanbrutsen om it Frysk in ympuls te jaan. Fan papier nei werklikheid. En fan de oerheid nei de boargers, want dy binne by einsluten ommers de dragers fan har taal.